

Examen VWO

2024

tijdvak 1
woensdag 29 mei
9.00 - 11.30 uur

Fries

Bij dit examen hoort een bijlage.

Dit examen bestaat uit 35 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 35 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Geef niet meer antwoorden (zinnen, redenen, voorbeelden e.d.) dan er worden gevraagd. Als er bijvoorbeeld één zin wordt gevraagd en je antwoordt met meer dan één zin, dan wordt alleen de eerste zin in de beoordeling meegeteld.

Tekst 1 Moatst harkje nei watst net ferstiest

- 1p 1 Hoe wurdt it ûnderwerp yntrodusearre yn de ynlieding boppe de tekst?
- A troch de kwaliteit fan oersettingen te bekritisearjen
 - B troch it hjoeddeiske belang fan oersetten te beneamen
 - C troch it proses fan oersetten te beskriuwen
 - D troch twa ferneamde oersetters te yntrodusearjen

Alinea 1 begjint mei twa fragen.

- 1p 2 Wurde dy yn alinea 1 beäntwurde?
- A Allinnich de earste fraach wurdt beäntwurde.
 - B Allinnich de twadde fraach wurdt beäntwurde.
 - C Beide fragen wurde beäntwurde.
 - D Beide fragen wurde net beäntwurde.

- 1p 3 Sitearje út alinea 1 de **sin** dy't it bêste werjout wat Bas Belleman syn beswier is tsjin it determinisme.

“Dat jildt ... geniaal wêze.” (r. 13-18)

- 1p 4 Wat is de funksje fan dy sin?
- A Dy sin fungearret as in foarbehâld by it foargeande.
 - B Dy sin fungearret as in foarbyld by it foargeande.
 - C Dy sin fungearret as in gearfetting fan it foargeande.
 - D Dy sin fungearret as in tsjinstelling fan it foargeande.

- 1p 5 Wat is it ferbân tusken de alinea's 1 en 2?

- A It is in ferlykjend ferbân.
- B It is in konkludearjend ferbân.
- C It is in opsomjend ferbân.
- D It is in útlizzend ferbân.

“Shakespeare boartet mei de betizing.” (r. 32 en 33)

- 1p 6 Sitearje út alinea 2 it **sinpart** dat werjout wêr't de betizing by de lêzer út bestiet.

- 1p 7 Wat is it ferbân tusken de alinea's 3 en 4?

- A It is in konkludearjend ferbân.
- B It is in opsomjend ferbân.
- C It is in tsjinstellend ferbân.
- D It is in útlizzend ferbân.

“Wylst wy no, better as lêzers yn de njoggentjinde iuw, de ôfstân oerbrêgje kinne”. (r. 63-66)

- 1p 8 Hoe komt it dat de lêzer fan no dat better kin as de lêzer yn de njoggentjinde iuw?
Basearje dyn antwurd op alinea 4.

“As syn poëzij efterhelle liket, dan hat de oersetter syn wark net goed dien.”
(r. 88-90)

- 1p 9 Mei hokker **synonym** fan ‘efterhelle’ typearret Belleman in oersetting fan in oersetter dy’t syn wark net goed dien hat?

“In soad minsken projektearje harrensels op him”. (r. 104-106)

- 1p 10 Sitearje de **sin** dêr’t út blikken docht dat Belleman him dêr sels ek skuldich oan makket.

- 1p 11 Hoe ferhâldt de fraach fan alinea 7 (r. 111-121) him ta alinea 6?

- A It is in betingst.
- B It is in ferliking.
- C It is in taljochting.
- D It is in tsjinstelling.

Yn de alinea’s 8 en 9 giet Jabik Veenbaas yn op it belang fan de relaasje tusken oersettingen en it oerlibjen fan in taal.

- 1p 12 Sitearje út dy alinea's de **sin** dy’t syn fyzje dêrop it bêste werjout.

Yn alinea 8 leit Jabik Veenbaas de trijeslach translatio-imitatio-aemulatio út.

- 1p 13 Wat komt it bêste oerien mei wat er yn alinea 10 oer de Renêssânse en de Ferljochting seit?

- A Renêssânse: aemulatio, Ferljochting: translatio
- B Renêssânse: imitatio, Ferljochting: aemulatio
- C Renêssânse: translatio, Ferljochting: imitatio
- D Renêssânse: translatio, Ferljochting: aemulatio

Yn rigel 196 hat Veenbaas it oer ‘troebel wetter’.

- 1p 14 Watfoar byldspraak wurdt dêr brûkt?

- A It is in ferliking.
- B It is in metafoar.
- C It is in metonymia.
- D It is in personifikaasje.

- 1p 15 Sitearje út alinea 12 de **sin** dy’t it bêste de haadgedachte fan dy alinea werjout.

- 1p 16 Wat is it doel fan de beide oersetters yn harren fraachpetearen?

- A Sy wolle ferdivedearje en oantrune.
- B Sy wolle ynformearje en oertsjûgje.
- C Sy wolle oantrune en ynformearje.
- D Sy wolle oertsjûgje en ferdivedearje.

- De titel boppe de tekst is allinnich fan tapassing op it ynterview mei Bas Belleman.
- 1p 17 Hokker titel soe passend wêze foar de **hiele** tekst?
- A De oersetter, syn taalark en Shakespeare
 - B Oersette, betsutting jaan en taalfitaliteit
 - C Shakespeare, diversiteit en betsutting jaan
 - D Taalfitaliteit, oersettingen en taalark

Tekst 2 Ludditen doe en no

- “Ambachtslju wiene it – mar al ambachtslju mei slopershammers.”
(r. 1 en 2)
- 1p 18 Watfoar stylfiguer stiet der yn dy sin?
- A hyperboal
 - B paradoks
 - C understatement
 - D wurdboarterij
- 1p 19 Wat is de funksje fan de alinea's 1 en 2?
- A It is de oanlieding foar de tekst.
 - B It is de probleemstelling fan de tekst.
 - C It is in anekdoate.
 - D It is in histoaryske eftergrûn.
- 1p 20 Lis yn eigen wurden út wêrom't ludditen net anty-technologysk neamd wurde kinne.
- “It wiene hooligans – mar dan al ‘politike’ hooligans.” (r. 45-47)
- 1p 21 Wêrom wurde dizze minsken ‘politike’ hooligans neamd?
Basearje dyn antwurd op alinea 5.
- Yn alinea 7 giet it oer ‘neo-ludditen’.
- 1p 22 Neam de oerienkomst tusken ‘ludditen’ en ‘neo-ludditen’.
- “My sprekke se oan omdat se fierder geane dêr’t in soad kritis yphâlde.”
(r. 72-74)
- 1p 23 Sitearje út dyselde alinea it **sinpart** dat dúdlik makket wêr’t in soad kritis yphâlde.
- 1p 24 Hoe komt it dat de telefoan neffens Mueller ûnderdiel is fan it kapitalistysk systeem?
Basearje dyn antwurd op alinea 10.

- 1p **25** Wat is it ferbân tusken de alinea's 10 en 11?
- A It is in ferlykjend ferbân.
 - B It is in opsomjend ferbân.
 - C It is in redenjouwend ferbân.
 - D It is in útlizzend ferbân.
- Yn alinea 11 praat Mueller oer “falske romantyk”. (r. 120 en 121)
- 1p **26** Sitearje it **sinpart** dat dy falske romantyk beskriuwt.
- Yn alinea 13 stiet “soksoarte byeffekten”. (r. 151 en 152)
- 1p **27** Omskriuw yn eigen wurden wat de ûnderfining fan de wurknimmer is as gefolch fan al dy byeffekten.
Basearje dyn antwurd op alinea 12.
- Yn alinea 17 stiet dat Sadowski en twa kollega's mei in foarstel komme oangeande data.
- 1p **28** Wat is de essinsje fan dat foarstel?
- “en dêrom moatte wy de kontrôle oer dy data krije.” (r. 242 en 243)
- 1p **29** Wa bedoelt Sadowski mei ‘wy’?
- Mueller en Sadowski binne allebeide wittenskipper.
- 1p **30** Hoe neame beide wittenskippers harrensels noch mear?
- 1p **31** Ut hokker alinea('s) bestiet it ôfslutende part fan de tekst?
- 1p **32** Wat is it wichtichste doel fan de **skriuwer**?
- A ferdivedearje
 - B ynformearje
 - C oantrune
 - D oertsjûgje
- 1p **33** Wat is it wichtichste doel fan de beide **wittenskippers** dy't oan it wurd komme?
- A ferdivedearje
 - B ynformearje
 - C oantrune
 - D oertsjûgje

Let op: de laatste vragen van dit examen staan op de volgende pagina.

- “De nije ludditen derfoaroer freegje: kin it ek oars?” (r. 84-86)
- 1p 34 Hokker fraach hie op it plak fan ‘kin it ek oars?’ stean kinnen?
A Hoe kinne wy leare fan de njoggentiger jierren?
B Hoe krije wy in ienfâldiger libben mei minder prikkels?
C Hoe stelle wy technology yn tsjinst fan de mienskip?
D Hoe wurde wy produktiver?
- 1p 35 Yn hokker alinea stiet in konkreet foarbyld fan “De nieuwe ludditen derfoaroer freegje: kin it ek oars?” (r. 84-86)?

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift.